

In beam moat earst
grut wêze foar't er
skaad jaan kin

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Oeuvrepriis foar kollum Dweilstik

Smoute ferhalen yn doarpskrante
De Hiele Toer fan Jorwert litte
konsistente kwaliteit sjen

pagina 3>



Geke Venema start praktijk sporttherapie

'Fanút myn sport bin ik mear op
myn lichem begûn te letten. Hoe
kin ik blessurefrij sporte?'

pagina 3>



Uitbreiding voor De Finne Reahûs

Anne en Triensje Engelsma
mogen op hun camping meer
kampeerders ontvangen

pagina 13>

Iisklup fiert 150-jierrich bestean Earst swannen ferjeije en dan ride op de baan Wiuwert-Britswert



It iisklupbestjoer fan Wiuwert/Britswert op de iisbaan. Efterste rige fan links nei rjochts: Pier Fopma, Jehannes Baarda, Herre Fokkema, Joost Albers en Gerard Hylkema. Foar: Jehannes Kastelein en Jehannes Lemstra. Op de foto ûntbrekt Klaas van Dijk.

Wiuwert/Britswert – It hâldt de lêste jierren net oer mei de froast. Iisbaanbestjoeren komme ek folle minder faak yn aksje as yn it ferline. Wa't bygelyks de jierferlaggen fan de Iisklup Britswert-Wiuwert der op neislacht, ûntdekt dat der yn de foarige ieu hast alle jierren wol in pear dagen of mear op de baan yn Britswert riden wurde koe. Yn 2016 wie der mar in moarnskoft iiswille. Middeis taaide it sa bot, dat it iis al net mear fertroud wie.

Troch Hinne Bokma

Dizze winter hopet it iisbaanbestjoer fan Wiuwert-Britswert op genôch froast, sadat der wer flink gebrûk makke wurde kan fan de baan. De iisklup bestiet nammmentlik 150 jier en it bestjoer soe dat fansels graach mei in jubileumriderij fiere wolle. Mar omdat de winter noch efkes op him wachtsje lit, wurdt it jubileum op sneon 21 jannewaris fierd yn de iishal yn Ljouwert.

Foar de oprjochting fan de iisklup yn Britswert en Wiuwert geane we werom nei freed 18 jannewaris 1867, as by Tjibbe Karel de Vries yn Britswert oan hûs besletten wurdt in iisklup op te rjochtsjen. Noch deselde jûns wurdt it reglement mei 29 artikelen fêststeld. De oare deis gean minsken fan de nije iisklup hûs oan hûs yn de twa doarpen en besykje safolle mooglik minsken lid te krijen. De jierlikse

kontribúsje waard fêststeld op 50 sinten. As foarsitter, oardelieu hie men it noch oer 'president', waard Yde Wiebes Pekema út Britswert nei foaren skood.

Op 5 desimber 1867 is de earste algemiene ledengearkomst. Oanwêzich binne 17 leden. Ien fan de leden komt mei it idee om as iisklup net allinne hurdriderijen te organisearjen, mar ek sylwedstriden. It giet net troch, de leden wiene net foar. Op 16 jannewaris 1868 kin de earste hurdriderij holden wurde. Ynte Strikwerda giet mei de earste priis nei hûs. In pear dagen letter is der in hurdriderij foar jonges en famkes. De wedstriden wiene doe noch net op de baan, mar op de feart by Kromwâl. Sûnt 1922 beskikt de iisklup oer in iisbaan.

Ids Postma

Sa binne der yn de ôfrûne 150 jier hiel wat wedstriden op de iisbaan yn Britswert holden. Op de baan waard troch de skoalbern ek altiten striden om it kampioenskip fan Baarderadiel. Nei de weryndieling yn 1984 waard it kampioenskip de iene kear op de baan yn Rien holden en de oare kear yn Britswert. Sa hat Ids Postma, letter wrâldkampioen, as skoaljunge meidien oan de wedstriden. Ids wenne yn Dearsium, mar gong yn Boazum nei skoalle. Yn de winter fan 2001 naam de iisklup in nije iisbaan yn gebrûk. De baan is doe wat tichter by it doarp kaam. Omdat de iepening fan de

baan net fierd wurde koe mei in hurdriderij, waard der mar in wedstriid kanofarren organisearre.

Foar de iisklup begjint it winterseizoen ein novimber altiten mei it pleatsen fan de peallen, dy't de baan markearje. Op 1 maart wurde de peallen wer fuorthelle. Op it stuit telt de feriening sa'n 120 leden. „It tal leden rint wol stadich werom”, fertelt foarsitter Herre Fokkema.

As it begjint te friezen is de iisklup yn Britswert en Wiuwert der klear foar. Liket it mienens te wurden dan moatte earst de swannen ferjage wurde. „Dat binne oan it begjin fan de froastperioade ús grutste konkurrinten. We ha wol ris in kanon ynsetten om se te ferjeijen.” As it safier is komme der by de yngong fan de twa doarpen buordsjes te hingjen mei de meidieling dat de baan iepen is. „Eartiids hong der in bryfke yn de SRV-wein. Dat wie foldwaande.”

Littenseradiel -89 yn 2016

Wommels – Voor het vierde jaar op rij is het aantal inwoners van Littenseradiel gedaald. Op 1 januari 2017 woonden er in de gemeente 89 mensen minder dan een jaar eerder. In 2015 ging het om een afname van 45 inwoners, in 2014 daalde het inwonertal met vijftig en in 2013 ging het aantal inwoners met 21 naar beneden.

In zes van de 29 dorpen van Littenseradiel nam het aantal inwoners vorig jaar toe, in vijf dorpen bleef het inwonertal gelijk en in achttien dorpen was sprake van een daling. Met

-21 verloor Winsum de meeste inwoners, gevolgd door Wommels met -17 en Boazum met -9.

Wiuwert liet vorig jaar de grootste groei zien, daar nam het aantal inwoners met acht toe. Mantgum zag het aantal inwoners met vijf toenemen. Andere groeidorpen waren Baard, Jellum, Jorwert en Spannum. Het kleinste dorp blijft Leons met 26 inwoners, het grootste is Wommels met 2216 mensen.

Op 1 januari telde de gemeente 10.744 inwoners. Dat zijn er 180 minder dan in 2010, maar 220 meer dan in 2000.

DORP	INWONERS 01-01-2016			INWONERS 01-01-2017			+/-
	M	V	T	M	V	T	
BAAIUM	58	60	118	60	58	118	--
BAARD	104	83	187	103	86	189	+2
BEARS	73	60	133	74	59	133	--
BOAZUM	213	193	406	210	187	397	-9
BRITSWERT	58	60	118	57	55	112	-6
EASTEREIN	490	474	964	495	469	964	--
EASTERLITTENS	237	210	447	238	201	439	-8
EASTERWIERRUM	175	159	334	176	156	332	-2
HIDAARD	72	64	136	67	63	130	-6
HILAARD	154	150	304	150	147	297	-7
HINNAARD	27	21	48	24	20	44	-4
HUNS	63	52	115	62	52	114	-1
IENS	20	14	34	16	16	32	-2
ITENS	123	113	236	123	113	236	--
JELLUM	64	76	140	66	76	142	+2
JORWERT	169	170	339	171	171	342	+3
KUBAARD	125	120	245	124	118	242	-3
LEONS	11	15	26	11	15	26	--
LYTSEWIERRUM	37	32	69	38	30	68	-1
MANTGUM	587	580	1167	587	585	1172	+5
REAHUS	89	89	178	84	86	170	-8
RIEN	59	53	112	61	49	110	-2
SPANNUM	140	141	281	143	139	282	+1
WAAKSENS	48	40	88	47	36	83	-5
WEIDUM	288	292	580	288	288	576	-4
WINSUM	548	511	1059	539	499	1038	-21
WIUWERT	145	124	269	148	129	277	+8
WJELSRYP	244	223	467	242	221	463	-4
WOMMELS	1090	1143	2233	1087	1129	2216	-17
TOTAAL	5511	5311	10833	5491	5253	10744	-89



uw voeten in goede handen

Medisch- en oncologisch
voetzorgverlener

Breed gespecialiseerd in behandeling:
diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.

www.pedicurepraktijkclara.nl



Tjessingawei 8 Hilaard

Mob: 06-55 56 44 08

Tel: 058-251 93 78

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig